



Duorsume beppe

troch Sjoerd Kuyper, Fryske oersetting: Tryntsje van der Zee

‘Wetter is duurbaar,’ seit Bennie.

‘Duurzaam, seit Louise dy’t altyd alles better wit en docht as wie se Bennie syn mem, mar dat is se net, se is gewoan syn grutte sus.

‘Oer hûndert jier is it wetter der noch en it gers ek en de loft ek en de wolken ek – dy binne allegear duurbaar.’

‘Duurzáám,’ seit Louise. ‘Dat hyt duurzáám,’ ‘yn it Frysk ‘duorsum’.

‘Pake wie net sa dwor... duurzaam,’ seit Bennie.

‘Nee,’ seit Louise.

Se sitte op 'e steiger boppe it sleatsje achter it hûs fan pake en beppe. Mar pake is der net mear, hy is yn de winter deagien. No is it maityd. De earste waarme jûn fan it jier. Se ha krekt iten, Bennie en Louise en beppe. Beppe docht in knipperke, (dat is itselde as in ‘dutje’) en Bennie en Louise sitte op de steiger en sjogge nei it wetter en de wolken en it gers. Se litte de fuotten hingje yn de sleat. Bennie krast mei syn bûsmes syn namme yn in planke. *Ik* skriuwt er, want *Bennie* is te folle wurk.

‘Wat is duurzaam?’ freget Bennie.

Louise giet rjochtop sitten. Dit is in lestige fraach en dêr sil se in pykfijn antwurd op jaan.

‘Ast snappe wolst wat duorsum is, ‘duurzaam’ dus,’ seit se, ‘moatst earst betinke datst altyd libje silst. Datst noait deagiest.’

‘Hoe kin dat no?’

‘Dat kin net, mar do moatst it wol tinke – oars snapst it net.’

‘Okee.’

Bennie tinkt dat hy noait deagean sil. It is in fijne gedachte.

‘Ast noait deagiest,’ seit Louise, ‘dochst de dingen oars.’

‘Wat dan?’

‘No, dan seagest dizze steiger net dwarstroch, sil ‘k mar sizze, want do wolst der altyd op sitte kinne.’

‘Ik skriuw allinne myn namme der mar yn!’

‘En dan ytst in pûdfol chips net yn ien kear leech, want dan wolst moarn ek noch wat chips ha.’

‘Moarn freegje ik beppe wol om in nije pûde.’

‘Dat kin dus net. Do moattst tinke datst altyd trochlibbest en do hast mar ién pûde chips – wat dochst dan?’

‘Stampfuotsje?’ freget Bennie.

‘Nee man, do ytst hiele lytse stikjes chips, alle dagen in mûzehapke, en dat jout neat, want in lyts stikje smakket krekt like lekker as in hiele pûdfol.’

‘Is Sinteklaas duurzaam?’ freget Bennie.

Louise sjocht har broerke lang oan, dan knikt se.

‘Sinteklaas is hiel duorsum,’ seit se.

‘Dan freegje ik oan Sinteklaas om in nije pûde chips,’ seit Bennie. ‘En in nije steiger. Gjinn probleem.’

Hy stekt syn mes djip yn it hout.

‘Soms wurd ik hiel, hiel wurch fan dy,’ seit Louise. ‘Wat ik ek útlis, do wolst it net snappe. Ik bedoel: der sit allegear gas ûnder de grûn, en stienkoal, en oalje, en dat brûke de minsken om auto’s mei ride te litten, ek dy fan heit en mem, en om elektrisiteit te meitsjen, sadatsto nei de televyzje sjen kinst, en om de masines yn ‘e fabriken draaie te litten...’

‘Meitsje se chips ek yn in fabryk?’

‘Hâld dy no ‘es stil. Dat gas en dy stienkoal en dy oalje, dy reitsje stadichoan op. Opperdepop. En Sinteklaas is o sa duorsum mar hy kin de wrâld gjin nije oalje, gas en en stienkoal jaan.’

‘Dus we moatte gewoan hiel sunich oan dwaan,’ seit Bennie.

‘Ja!’

‘Sis dat dan. Do makkest alles altyd sa yngewikkeld.’

‘Ik woe it just maklik foar dy meitsje,’ seit Louise.

‘Do bist krekt in stien dy’t in fisk swimmen leare wol,’ seit Bennie.

De mûle fan Louise falt har iepen fan ferbazing.

‘Da’s in goeie, hè?’ seit Bennie.

‘Bennie! Louise!’

Beppe stiet by de achterdoar fan har hûs. Se hat in grutte cowboyhoed op. ‘Ik bin even in oerke fuort,’ ropt se. ‘Sille jimme jim fijn ferfele? Ferfele is goed foar in mins.’

Se swaait en fuort is se.

‘Wêrom ...?’ freget Bennie.

‘We meie de ierde net útputte,’ seit Louise deftich.

‘Ja, mar wêrom ...’

‘Duorsum betsjut gewoan dat we der foar soargje moatte dat alles yn de wrâld skjin en moai en hiel bliuwt.’

‘Ja, mar wêrom... wêrom hat beppe in cowboyhoed op ‘e holle?’

‘Wit ik it.’

Der swimt in memme-fuut¹ troch de sleat. Se hat trije jonkys yn piamaatsjes mei swart-wite streekjes op 'e rêch. Flakby de steiger dûkt se ûnder. De lytskes swimme piipjend yn it rûn. In fuut kin lang ûnder wetter bliuwe en je witte nooit wêr't je mem wer boppe komme sil. Louise tinkt oan yngewikkelde dingen mei slimme nammen, enerzjy en hergebrûk, Bennie tinkt oan beppe en har hoed.

'Tinkst dat beppe o sa duurzam is?' freget er.

'Nee,' seit Louise, 'beppe sil oer in pear jier ek wol deagean.'

'Mar dat wol ik hielendal net!'

Ik ek net, seit Louise, mar âlde minsken gean' dea. Neat oan te dwaan.

Wol!, raast Bennie.

Hy springt oerein en begjint te stampfuotsjen op de steiger. De fuut komt boppe, de jonkys krûpe by har op 'e rêch en se swimt gau fuort.

'We moatte gewoan hiel sunich op beppe wêze,' raast Bennie. 'We moatte har... we moatte har... we moatte har duur... duorsum meitsje!'

'En hoe woest dat dwaan?, freget Louise.

Bennie ploft wer neist har del.

'Beppe moat de hiele dei op bêd lizzen bliuwe en in knipperke dwaan,' seit er 'in hiele lange knipper, dan wurdt se net âlder.'

'Tuerlik wol.'

'Tuerlik net. Doornroosje sliepte hûndert jier en doe't se wekker waard wie se hielendal net âlder wurden.'

'Hoe witsto dat no?'

'Oars hie dy prins har toch net wekker tute!'

Okee. Mar ik tink net dat beppe de hiele dei op bêd lizze wol te sliepen. Dan kinst krekt like goed dea wêze.

'Dan drage we har op 'e rêch, krekt sa't de fuut docht mei har berntsjes.'

'Dan bist sels mei in healoere dea. Beppe is aardich swier.'

Bennie suchtet djip. 'Dan wit ik it ek net,' seit er.

'Miskien,' seit Louise, miskien... wachtsj' es.'

Bennie wachtet. It wachtsjen duorret lang. Louise kin lang neitinke. Dêrom giet Bennie ek mar sitten te neitinken. Hy tinkt wer oan Sinteklaas. Miskien... kin Sinteklaas beppe alle jierren in nij jier jaan. Om te libjen. Dan giet beppe nooit dea. En miskien... kin beppe dan mei Sinteklaas trouwe.

'Miskien... seit Louise,' moatte we beppe in oare soarte fan enerzjy jaan.'

'Wat is enerzjy no wer?'

'Enerzjy jout je de kracht om dingen te dwaan. Minsken meitsje har enerzjy sels. Troch te iten en te drinken en dat ferbrânt dan en dan... Dêr bisto noch te dom foar, om dat te snappen. Mar dan komt der in dei en dan is je enerzjy op en dan gean' je dea.'

¹ Fuut: in wetterfûgel. Yn geef Frysk: hjerringslynder

“We meie beppe net útputte,” seit Bennie sa deftich as er mar kin.

Louise sjocht him wer mei iepen mûle oan.

‘Ik bin net sa dom as ik der útsjoch, seit Bennie,’

‘We moatte beppe enerzjy jaan dy’t noait oprekke,’ seit Louise. ‘Sinne-enerzjy, wyn-enerzjy.’

‘We lizze har de hiele dei yn har niksy yn de tún!’, ropt Bennie.

‘Nee man, dan ferbrânt se.’

‘Dan lûke we har de feltsjes fan ‘e rêch en dêr meitsje we tee fan!’

‘Do bist it fiiste broerke fan de wrâld.’

‘Hergebrûk!’ ropt Bennie.

De mûle fan Louise sakket no sa fier iepen dat Bennie nei binnen sjen kin en har gedachten lêze kin.

‘Ha ik op skoalle leard,’ seit er. ‘Hergebrûk is... dat is, dat je âlde dingen netfuortsmite mar noch in kear brûke. Kinst fan âlde stiennen in nij hûs bouwe en fan âlde kranten kinst mûtsen meitsje.’

‘Mar fan âlde feltsjes gjin tee,’ seit Louise. ‘Miskien moatte we beppe in helm jaan mei in propellor derop. Dy draait dan yn ‘e wyn en ...’

‘Beppe’s litte sels ek wyntsjes,’ seit Bennie. ‘Dy kinne we opfange yn in túnslang en dan...’

‘Hâld op, man! Lytse fiislak!’

Louise docht lik, mar eins moat se laitsje. Dat sjocht Bennie hiel goed. Hy hat der sels ek bêst sin oan om te laitsjen.

‘We sille beppe hielendal herbrûke,’ seit er. ‘It hier út har kaam jouwe we oan de fûgels, om nestjes mei te meitsje, fan har snot boetseare we popkes, ridderkes, en fan beppe har ôfknipte neilen meitsje we de harnassen. En alles wat se tsjin ús seit, moatsto opskriuwe, en fan dy wurden meitsje we dan letter gedichten.’

Louise leit in earm om Bennie syn skouders en jout him in tút op ‘e holle.

Bennie skrikt derfan.

‘Is it in stom plan?’ freget er.

‘It is in prachtich plan,’ seit Louise. ‘Mar beppe libbet der gjin dei langer troch.’

‘Dan,’ seit Bennie, ‘meitsje ik in rollator foar har.’

‘Mar beppe kin noch hartstikke goed rinne! En noch fytse en autoride....’

‘Minsken mei in rollator binne ferskriklik âld,’ seit Bennie. ‘En witst wêrom’t se sa âld wurden binne? Omdat se in rollator ha. Dy hiene se al doe’t se jong wiene, tink ik. Want ast mei in rollator rinst, wurdst net wurch en ast net wurch wurdst, rekket dyn enerzjy net op en as dyn enerzjy net oprekke, giest net dea.’

‘Neffens my draaisto de dingen om,’ seit Louise.

‘Ik meitsje in rollator, dan wurdt beppe hûndert.’ Bennie springt oerein. Hy hat der sin oan. ‘En dan meitsje ik ek fuortdalik ien foar mysels.’

‘En wêr silst dy fan meitsje?’ freget Louise.

‘Hergebrûk.’

‘Neilen en snot?’

Bennie draaft nei it skuorke. ‘Fan pake syn kroade,’ raast er.

‘Dy hat mar ién tsjil, dy kipert hieltyd om.’

‘Dan set ik de sydtsjiltsjes fan myn beukerfyts deroan.’

‘Dy lizze thús.’

Bennie stiet stil mei de knop fan de doar yn 'e hân. ‘O ja,’ seit er. ‘No, ik sil der toch even yn sjen wat dêr noch leit foar hergebrûk.’

Hy giet it skuorke yn. Louise rint achter him oan. It is donker binnen. It rûkt der nei âld izer en ferve. Louise knipt it ljocht oan.

‘Net dwaan!’ ropt Bennie. ‘Dat is sonde fan de enerzjy.’

Louise docht it ljocht wer út. Har eagen wenne stadich oan it tsjuster. Se sjocht nei Bennie.

Bennie is op in omkearde amer sitten gien en sjocht nei pake syn âlde kroade. Hy klaut him op 'e holle, hy wriuwt mei de finger by syn noas lâns, hy knikt, lûkt dikke tearen yn 'e holle. It is dúdlik: Bennie tinkt. Louise sjocht nei him en sjocht ynienen dat hy op pake liket.

‘Ik wit hoe’t it moat,’ seit Bennie as er klear is mei tinken. ‘Ik set myn sydtsjiltsjes oan it grutte tsjil en op alle trije tsjillen meitsje ik in fytsdynamo. Dy dynamo’s begjinne te draaien as de kroade rydt, en dan jouwe se enerzjy, en op ién enerzjy lit ik in lampke brâne. Dan kin beppe in boek yn de kroade lizze en as se dan troch it donker rint, kin se toch lêze.’

‘Allinne, do hast gjin lampke,’ seit Louise.

‘Dat moat beppe út de koelkast helje, dat brânt toch net as de doar ticht is. En as se wurch is fan it kuierjen, kin se lekker yn de bak fan ‘e kroade sitten gean en fierder lêze.’

‘Mar dan draaie de tsjillen net en dan brânt it lampke net!’

‘Dan moat se mar even fan in heuvel ôfsjeze.’

‘Yn in kroade?’

Bennie lústeret net mear nei syn grutte suster. Syn hiele holle is dwaande mei syn útfining. ‘De twadde enerzjy,’ seit er, ‘giet troch in triedsje nei beppe har gehoarapparaat. Dan hat se gjin batterijen mear noadich en dan kin se toch op alle hoeken hearre oft der in auto oankomt.’

‘Geweldich,’ seit Louise. ‘En de tredde?’

‘We knippe in jas út dy elektrise tekken dy’t op souder leit en dan komt de tredde enerzjy yn de jas en dy wurdt waarm en dan kin beppe ek yn de winter te kuierjen.

En dan hat se ek noch in helm op mei in propellerke.’

‘Dat hie ik betocht!’ seit Louise.

‘En as it reint,’ seit Bennie, ‘hellet beppe har boek út de kroade en dan komt de hiele bak fol wetter en dat wetter docht se yn plastic pûden en dy leit se op it daken as de sinne dan wer begjint te skinen wurdt it wetter yn dy pûden waarm en dan rint der in slankje fan dy pûden nei de dûs en dan kin beppe lekker waarm dûse en dat kostet hielendal neat!’

‘Bist net bang dat beppe hartstikke wurch wurdt fan it sjouwen mei dy pûden?’
‘Ik bin ek in bytsje wurch,’ seit Bennie. ‘Wannear komt beppe?’
‘Kom,’ seit Louise. Se pakt Bennie by de hân en lûkt him fan de amer. ‘Witst wat ik doch? Ik meitsje in tekening fan de rollator. Ik tekenje alles watsto sein hast.’

Hân yn hân rinne se de skuorre út, de tún troch, it hûs yn. Louise makket in tekening fan Bennie syn rollator. Mei beppe derby. De tekening wurdt sa prachtich, de flearmûzen hingje op 'e kop foar it rût om it sjen te kinnen.

En krekt as de tekening ôf is... komt beppe thús.

‘Ha jim jim fijn ferfeeld?’ freget se.

‘Hielendal net,’ seit Louise.

‘Krektoarsom,’ seit Bennie.

Beppe set har cowboyhoed ôf en smyt dy op 'e bank. Se ploft del yn in luie stoel. Se hat in behoarlik reade holle. Se bûgt har. No pas sjogge Bennie en Louise dat se ek cowboylearzens oan hat.

‘Wêr hat beppe west?’ freget Louise.

‘Ik ha dûnse,’ seit beppe. ‘Line-dancen. Lollich is dat.’

‘Dat moat beppe net dwaan!’ ropt Bennie. ‘Beppe moat har enerzjy sparje!’

‘Lûk do my de learzens dan mar út,’ seit beppe.

Bennie helpt beppe mei de learzens en Louise lit de tekening sjen.

‘Sjoch beppe,’ seit se, ‘dit hat Bennie foar beppe betocht.’

‘Mar ik kin de rollator net sa goed sels meitsje,’ seit Bennie. ‘Ik ha net alle spullen. Miskien moat beppe him oan Sinteklaas freegje.’

‘Wêrom moat ik in rollator ha?’ freget beppe.

Bennie en Louise fertelle beppe alles wat se betocht ha. Fan hergebrûk en enerzjy en útputting en chips en steigers en sinne en wyn en rein.

‘As beppe presys docht wat wy sizze,’ seit Bennie, ‘dan wurdt beppe hûndert jier. Want dan is beppe duurbear.’

‘Duurzám,’ seit Louise.

Soa, duorsum hie ‘k tocht, seit beppe.

‘En dan meitsje we gedichten fan beppe har wurden,’ seit Bennie, ‘en fûgelnêsten fan it hier út beppe har kaam en ridderkes fan it...’

‘Ho!’ ropt Louise.

‘En dan fertelle we mekoar âlde ferhalen,’ seit Bennie, ‘oer Doornroosje.

Ferhalen dy’t net ien ferjitte mei. En we fertelle se krekt sa lang oant se wer nij binne en dan ... trout beppe mei Sinteklaas.’

‘Leave skatten fan my,’ seit beppe, ‘wat bin ik toch mâl mei jim. Jim jouwe my sá folle enerzjy, mei sokke bernsbern kin ik wol tûzen jier wurde.’

Twa dikke sâlte triennen fan gelok gliidzje har oer de wangen. Bennie pakt gau in leppeltsje en fangt se op. Foar op de aikes, moarnier.